



## **Situaasje Krúspunt**

De organisaasje Krúspunt bestiet no mear as 10 jier. Dy wol alles op it mêd fan Kristlik en Frysk stimulearje en byinoar bringe. It idee is, dat it foar Kristenfriezen wichtich is, dat hja har leauwen belibje en uterje kinne yn har eigen taal, it Frysk.

Yn de tiid dat it Kristlik Frysk Selskip oprjochte waard, wiene de betingsten foar Fryske tsjerketsjinsten net yn oarder: der wie (a) gjin brûkbere Fryske Bibel, (b) dêr wiene gjin Fryske tsjerkelieten, (3) der wiene gjin liturgyske teksten foar de tsjerketsjinsten en (4) der wie gjin Frysk-Kristlike lektuer. Dêr is sûnt 1908 hurd oan wurke en dat is der no allegearre wol.

Undertusken is de situaasje yn Fryslân feroare. Yn Fryslân hat it Frysk in lyts plakje krigen yn in protte tsjerketsjinsten, mar de measte minsken yn'e tsjerke bekroadzje har net om it Frysk. Nederlânsk en Ingels binne wichtich. Frysk net. Fryske tsjinsten binne noch altyd bysûnder. De measte Friezen kinne it Hollânsk goed ferstean. De measte Friezen kinne better Hollânsk as Frysk lêze en skriuwe, en se fine dat ek gjin inkeld probleem.

Der binne in protte organisaasjes ûntstien dy't de taken fan it Kristlik Frysk Selskip oernommen ha. De KFFB en Afûk soarchje foar boeken. It YKFE set him yn foar de betingsten nedich foar tsjerketsjinsten. It Nijkleaster siket yn Fryslân nei wegen om in moderne, Fryske wize Kristen te wêzen. It Kwartettekoar en de útjouwerij Intrada sette har yn foar it ûnder de minsken bringen fan nije tsjerkelieten. De Fryske Akademy en opliedingen Heger ûnderwiis soarchje foar de taal en taalûnderwiis.

Fierders is belutsen wêze by Frysk en Kristendom in saak fan de âlderein. De jongerein, op inkelde útsûnderingen nei, wolle har net foar Fryske organisaasjes en al hielendal net foar Kristlike organisaasje ynspanne. It slagget ús net om jongerein te finen, dy't him ynsette wol foar Krúspunt.

De fraach is: wolle wy trochgean mei Krúspunt? En as wy dan ja sizze. Wat binne dan ús taken? En hoe fine wy nij bloed om dy taken út te fieren?

***Om mei te tinken stjoere wy jo meikoarten in fragelist ta.***

Sipke Huismans, 27 jannewaris 2020